



SNEIN-DEI BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein, 5 jannewaris 2014

Begjin

Op dizze prachtige, stille wintersneintemoarn komme ferskate besikers nei tsjerke om mei elkoar de earste snein fan it nije jier mei te meitsjen. Yn de hal wurde de earste nijierswinken fan de dei útwiksele. Nij is in grutte doaze mei it opskrift "Voedselbank"; tenei kinne hjir op de earste snein fan de moanne libbensmiddels yn deponearre wurde. Ek nij is de literatuerkoer mei alderhande (wyk- of moanne)blêden dy't besikers meinimme meie. Men kin der ek lêsbêden yn stoppe. Koartsein, in ferrassende moarn.



Wolkom



Alderling fan tsjinst Corry Brouwer hjit elkenien wolkom. Noch wat nijs: fan hjoed ôf sjonge wy út it nije lieteboek! It blykt dat de besikers it massaal meinommen

hawwe. It iepeningsliet is psalm 100: *"Juich Gode toe, bezuin en zing."*

Bemoediging

Nei bemoedigjen, groet en drompelgebed sjonge we de ferzen 1 en 3 fan liet 496:



"Een ster ging op uit Israël."



Tsjinst fan de skriften

De skriftlêzing is út Matteüs 2, de ferzen 1-12, de bekende tekst oer de reis dy't wize mannen út it easten ûndernemen nei Jeruzalem.

De opmars fan moderne techniken giet ek net oan ús tsjerke foarby. We wiene al wend oan de komst fan de beamer yn guon tsjinsten, fan 'e moarn docht ek it tablet syn yntree.



Preek

Yn de preek wurdt ferteld oer de stjer fan Bethlehem dy't ferwiist nei it libbene leven. Foarhinne gie it fral om de fraach, wat kin ik dermei, hoe kin ik dingen of in oar brûke. Mei de komst fan it bern fan Bethlehem feroaret der wat. It tinken is net mear rjochte op "ik" mar op "de oar". Alles wurdt nij, alles wurdt troch God jûn. De wizen dy't Jezus moeten, belibben in momint fan ekstaze. Mar de ekstaze ferdwynt, hja moatte wer nei hûs, it deistich libben wer oppakke. Krekt as wy. Lit ús dêrom dy bysûndere mominten net ferjitte, litte we se koesterje en der tankber foar wêze. Want fanút dy tankberens kinne we fierder.

Hjirnei folget in amerij stiltme en oargelmuzyk.

Tsjinst fan it dielen

De blommen geane hjoed nei Yfke Zeinstra oan de Grutte Buorren.

De 1e kollekte is foar de sinding, de 2^e foar it tsjerklik wurk.

Gebeden

De gebeden wurdt ôfsletten mei it Us Heit, dat mei elkoar bidden wurdt.



Slotliet en Seine

As slotliet sjonge wy "Hear, wês mei ús oant in
oare kear, wol oant wersjen oer ús weitsje."
Oan de ein fan de tsjinst krije wy de seine fan
God mei.



Folle lok en seine

Nei de tsjinst is der kofje en winskje de minsken
elkoar folle lok en seine ta foar it nije jier.



Meiwurkers

Foargonger	ds. Adri Terlouw fan Dronryp
Oargelist	Klaske Deinum
Koster	Wiebe Brouwer
Alderlingen	Corry Brouwer en Arie Dol
Diakens	Tjitske Visser en
	Tjitske Cnossen
Blommen	Bep Minnema

